

# Der komt al aerdich foarm yn

## **„De Jonkerboer”**

„Oer! It is fierstento weakke-bólle-eflich,” ropt regisseur Pyt van der Zee út Stiens it Grouster Mingd Koar ta en in twadde kear giet it al hwat better. Koar en solisten binne oan it oefenjen yn hotel „Oostergoo” te Grou mei it Fryske sjongspul „De Jonkerboer”, op muzyk fan Paulus Folkertsma en tekst fan dr. Ype Poortinga. „De Jonkerboer” sil – lykas bikend is – op sneon 29 april yn de Ljouwerter Harmony opfierd wurde op it sawnde lustrum fan de Delftske studinteforiering „Aldgillis”.

**De dielnimmers oan it sjongspul binne foar in part net wend om to aktearjen, seit de hear Van der Zee. Dêr moat dus noch flink oan arbeide wurde. Der sil hwat hwat mear dramatyk by to pas komme moatte, hwat mear biweging oer it hiele toaniel, hwat mear fortrouwen yn it dwaen en litten op de planken. „It bigjint al aerdich to kommen,” seit de regisseur.**

Dizze en de folgjende moanne sil der noch drok repeteard wurde moatte. Earjuster oefene it koar mei de solisten yn Grou, fan 'e middei giet it oan en oankomme tiisdei ek wer. It Grouster koar is ûnder lieding fan de hear Bram Feenstra al tiden oan de gong en de solisten binne yn 'e hjerst fan it foarige jier al úteinset. Jellie Postma, Akke Zwart, Grace van Herewaarden, Romkje Calsbeek, Piet Hellinga, Aerde Kuiper, Piet Postma, Jan Rolf en Antoon Groenewoud dy't de solorollen op harren

nimme, repetearren twa kear yn 'e wike. Meielkoar wurkje der 121 minsken direkt oan it sjongspul mei. Oer net al to lange tiid sil der ek mei orkest repetearre wurde moatte en dan giet de muzikale direksje oer nei Alfred Salten. De earste oefening mei it orkest sil plak fine yn de Kuriostsjerke to Ljouwert. Dit nije faset sil ek wer oanpassingsformogen fan de dielnimmers easkje.

It romantyske stik spilet yn de sechtjinde ieu en is skreaun nei in forhael fan dr. Eeltsje Halbertsma. Yn 1952 is it foar it lêst yn forkoarte foarm utfierd by in bisyk fan de keninginne oan Fryslân.

*Koar en solisten nimme it hiele twadde bidriuw noch ris troch en der komt al aerdich lûn yn. Hjir en dêr moat noch hwat yn foroare wurde, mar regisseur Van der Zee is optimistysk oer de kommende útfiering. „Hoe wol, wy noch safolle mooglik repetearre moatte, hawwe wy alle moed”.*